

Septimber 2025

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 70 nr. 2

Wat sit der yn de koer?

Programma 2025-2026

Datum (sneon)	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
20 sept. 2025	Seist -N	15.00 oere	Algemiene Ledegearkomste, tema Waling Dijkstra en brea-iten. Sjoch side 6 en fierder.
1 nov. 2025	Seist -N	14.00 oere	Sjongkoar 'De Freulesjongers'
13 des. 2025	Nieuwegein-FV	14.00 oere	Kryst- en advintmiddei
17 jan. 2026	Nieuwegein-FV	16.00 oere	Nijjiersbesite mei waarm iten en bydragen eigen leden
7 maart 2026	Nieuwegein-FV	14.00 oere	Knilles en Afke (kabaret)
30 maaie 2026	Boattocht (as der genôch belangstelling is)		

*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist;

*Nieuwegein-FV = Dorpshuis Fort Vreeswijk, Nieuwegein..

Ledeniis

Op 23 april 2025 is ús kritelid Nora Koren ferstoarn. Gerrita Otten hat in ta oantinken skreaun.

Meidielingen bestjoer

- Us jierlikse Algemiene Ledegearkomste én earste middei fan it winterskoft 2025/2026 is op **sneon 20 septimber** 2025 fanôf 15:00 oere.
- Sa't jim witte, kinne wy net langer telâne yn De Bijniershoek yn Utert. Wy hawwe in moaie, nije lokaasje fûn: doarpshûs Fort Vreeswijk yn Nieuwegein. Sjoch side 5.



It Keninklik Frysk Boun om utens

De jierlikse dei fan it KFBou mei de Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei is op sneon 28 maart 2026. Gastkrite is 'Fier fan Hûs' yn Apeldoorn. Ynformaasje oer it Boun, de kritekrantsjes en jier-programma's fan de oare kritten kinne jo fine op www.fryskbutenfryslan.frl.

Fan de foarsitter

De simmer rint wer nei syn ein, dus begjint it nije kritejier wer. Fierderop fine jimme it programma en wer't de gearkomsten binne. Der is in nije lokaasje, want wy kinne net mear yn de Bijkershoek terjochte. Hiel spitich, want dêr wiene wy al sa oan wend. Wy ha in geskikte lokaasje fûn: doarpshûs Fort Vreeswijk yn Nieuwegein.

Mar earst komme wy yn Seist byinoar op 20 septimber foar de Algemiene Ledegearkomste. As dat klear is, hawwe wy in breamiel. Jo kinne jo dêrfoar opjaan oant en mei moandei 15 septimber by my. As der dieetwinken binne, dy ek graach trochjaan. De bydrage yn de kosten is 5 euro. Myn telefoannûmer is 06-5316 4098.

Yn myn fakânsje yn Fryslân bin ik fallen yn myn camper, doe 't ik ynstapte. Gefolch wie in breuk yn myn boppeskonk. Afyn, yn Drachten operearre en dêrnei nei Utert om te refalidearjen. Ik bin no wer thús, mar kin noch net los rinne. Dat bart mei in rollator en dat giet wol aardich. Autoride mei ek noch net, dus ik bin ôfhinklik fan myn bern en bernsbern. Gelokkich hawwe dêr ek twa al hun rydbewiis, dus dat komt moai út!

Dit is it foar dizze kear. Der stean noch in oantal ferslaggen yn dizze Kritekoer, dus der is noch in soad te lêzen. It allerbêste foar no en in hertlike groet foar jimme allegearre.

Pietie Westdijk-Kaasta





Ta oantinken Nora Koren

Op 23 april 2025 is ús krite-lid, en myn freondinne, Nora Koren ferstoarn. De measte leden sille Nora kinne fan de boeke- en plateferkeap fan de eardere krite 'Mei Inoar' fan Seist. Fan 2004 oant 2014 hat sy dit mei in soad wille en entûsjasme dien. Nora hie der gefoel foar en meardere kearen einige sy mei de boekferkeap op it lanlike earste plak fan alle kritten. Yn oktober 2014, op de jiergearkomste fan de krite Seist, krige Nora in oarkonde foar har grutte ynset as boekferkeapster en wurde se beneamd ta *lid fan fertsjinste*.

It is bysûnder te neamen, dat Nora, dy't op 15 april 1946 yn Utert berne waard, de leargong Frysk A folge hat. Foar in net-Fries, sêls mei in taalknobbel, is dat net maklik! Nei de kursus bleau Nora mei it Frysk dwaande yn de Fryske boeke-lêsklup, dêr't se op in stuit ek it stokje fan de groepslieder oernaam. Ik learde Nora yn 2010 kennen op in koar yn Bilthoven. Sadree't se wist dat ik Frysk bin, 'moast' ik mei nei de krite en meidwaan mei de boekeklup. Nei in skoftke organisearren wy de gearkomsten en de ynkeap fan boeken tegearre. Wat wie dat in gesellige tiid!

Nora's libben wie net allinnich rys mei rezinen. Dat die ek bliken út de oantinkens dy't yn har ôfskiedstsjinst ophelle waarden. Libbensbepalend wiene, dat se troch sykte al betiid net mear wurkje koe én dat se har twa wyldebrassen fan soannen allinnich opfiede moast. Dochs besocht Nora optimistysk te bliuwen en der it bêste fan te meitsjen. Sa geniete se fan klassike muzyk, fan sjongen en fan alle Fryske aktiviteiten. Ek waard se de grutske *oma* fan fjouwer bernsbarn.

Mei de diagnoaze Alzheimer yn 2019, de ûnûntkombere ferhuzing nei in lytser hûs én koroana, bruts in swiere tiid oan. Troch in harsenynfarkt ein 2021 moast Nora begjin 2022 nochris ferhúzje, nei De Bremhorst. Dêr gie har sûnens stadichoan efterút. Sy ferstoar acht dagen nei it fieren fan har 79^e jierdei.

Yn mijn ôfskiedstaspraak ha ik Nora persoanlik betanke foar har leave freonskip. Ut namme fan de krite ha ik har betanke foar al it wurk dat sy as entûsjast en belutsen lid foar ús krite ferset hat. Ik ha besluten mei it sjongen fan 'It Aldershûs'.

Gerrita Otten



Nije krite-lokaasje

Foar ús krystgearkomste yn desimber o.s. komme wy foar de earste kear by-inoar yn **doarpshûs Fort Vreeswijk yn Nieuwegein**.

Dit gesellige en drok besette doarpshûs hat in oantal lytsere en in grutte seal, in eigen parkear-terrein en in bushalte tichtby.



In histoaryske lokaasje yn in prachtich griene omjouwing. Mear bysûnderheden lêze jo yn in folgjende Kritekoer!

Fryske taksy

It bestjoer organisearret it ferfier nei de kritermiddeis krekt as ferline kritejier. Dat betsjut dat jo net ophelle wurde. As jo komme wolle en gjin ferfiermooglikheid hawwe, kinne jo gebrûk meitsje fan de *Regiotaxi**.

Nei ôfrin fan de gearkomste binne der sjauffeurs beskikber. Sawol bestjoersleden as leden dy't dan oanwêzich binne, kinne minsken thúsbringe.

Dus: hinnereis sels regele, weromreis wurde jo thúsbrocht.

It is net nedich om jo dêr foar op te jaan. As jo mei de regiotaksy komme en graach thúsbrocht wurde wolle, meie jo dat fansels wol âlfêst yn 't foar melde by Trieneke Vos (030-6916 081).

***Noch noait mei Regiotaxi reizige?**

Elkenien kin der gebrûk fan meitsje, ek as jo gjin wmo-ferrierspas hawwe.

Belje mei Regiotaxi Utrecht/Zeist, tel: 088 – 0025 444.

Of sjoch op www.regiotaxiutrecht.nl.





ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE 2025 fan krite 'Mei Inoar Ien'

De gearkomste is dizze kear yn Seist. Nei de ledegearkomste hawwe wy in nijsgjirrich programma oer Waling Dykstra. Wy slute ôf mei brea-iten (broodmaaltijd).

De wurklist fan de ALG is yn grutte halen itselde as oare jierren. Der is ien bysûnder punt: de takomst fan de krite. Sjoch de folgjende side.

Datum: **sneon 20 septimber 2025**

Plak: **Noorderlichtkerk, Bergweg 92b, 3707 AE Zeist**

Programma:

14.30 oer Ynrin mei kofje/tee

15:00 oere: Algemiene ledegearkomste

± 16:00 oere: Skoft

± **16:30 oere: Waling Dykstra:**
syn libben, syn ferhalen
en syn ferskes (sjonge)

17:15 oere: Brea-iten

± 18:15 oere: Wer op hûs oan



Waling Dykstra yn 1871

De leden dy't meidwaan wolle oan it brea-iten (sop, kroket, breadsjes) kinne har oanmelde by foarsitter Pietie Westdijk en ek eventuele dieetwinsken trochjaan.

Graach uterlik moandei 15 septimber 2025 opjaan.

Foar it iten freegje wy in bydrage in de kosten fan **€ 5,00**.

Graach kontant betelje yn de seal.

Dizze middei binne der ek wer healsliten boeken te keap!





WURKLIST ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE 2025

1. Iepening troch de foarsitter en meidielingen
2. Ferslach algemiene ledegearkomste fan 23 septimber 2024 (*is opnaam yn dizze Kritekoer*)
3. Ynkommen en ferstjoerde stikken
4. Jierferslach 2024/2025 fan de skriuwer (*is opnaam yn dizze Kritekoer*)
5. Jierrekken 2024/2025
 - a. Jierrekken fan de ponghâlder oer it tiidrek 1 maaie 2024 o/m 11 juny 2025 (*wurdt op de gearkomste útrikt*);
 - b. Ferslach fan de rekkenopnimbers;
 - c. Beneamen nije rekkenopnimbers.
6. Begrutting 2025/2026
 - a. Begrutting 2025/2026 (*yn kombinaasje mei it programma fan it kommende jier; sjoch 6b; wurdt op de gearkomste útrikt*);
 - b. Fêststellen fan it programma fan it kommende jier (sjoch side 2 fan dizze Kritekoer);
 - c. Fêststellen fan de ynlis foar it kommende jier. It bestjoer docht it útstel om de kontribúsje net te ferheegjen (it bliuwt € 15,00 it lid.)
7. Bestjoersferkiezing

Taljochting: Oan bar fan ôfgean binne Pietie Westdijk, Gerrita Otten en Harke Hofman. Se binne alle trije op 'e nij beskikber. Mear en/of tsjinkandidaten binne wolkom. Jo kinne jo opjaan by de foarsitter.
8. Takomst fan de krite

It bestjoer wol mei de leden beprate hoe't de kommende jierren fan ús krite der út sjen moatte. Wolle wy sa trochgean oant it jild op is, of binne der oare opsjes?
9. Omfreegjen en sluten



Ferslach ALGEMIENE LEDEGEARKOMSTE KRITE MEI INOAR IEN

op sneon **14 septimber 2024** om 15.00 oere yn Utert

1. Iepening en meidielingen

Foarsitter Pietie Westdijk hjit de minsken wolkom. It is in gearkomste wêr't wy efkes omtinken jouwe oan it 5-jierrich bestean fan selskip 'Mei Inoar Ien' yn maaie 2024.

Der binne 21 minsken oanwêzich ynklusyf it bestjoer.

Famylje Van Eijck hat ôfsein, famylje Van der Woude hat harren opjûn, mar troch sykte wer ôfsein. Bestjoerslid Harke Hofman wie behindere fanwegen Monumintedei-taken, mar leit op bêd mei rêchswierrichheden.

Wy sjonge it Fryske folksliet.

2. Fêststelle ferslach ledegearkomste fan 30 septimber 2023

It ferslach is opnaam op de siden 9 o/m 13 fan de Kritekoer fan septimber 2024. Der is ien opmerking: Punt 6. 'Seizoen 2022/2023' moet wêze 'Seizoen 2023/2024'. Mei dizze wiziging is it ferslach akkoart.

Nei oanlieding fan it ferslach: by punt 6c wurdt de fraach steld of der al mear ynformaasje is oer it gebrûk fan ledekaarten. Dit is besprutsen yn it Boun en it blykt dat mear kriterien al langer gjin ledekaarten mear brûke. De foarsitter betanket de skriuwer foar it ferslach.

3. Ynkomen en ferstjoerde stikken

Der binne gjin ynkomen of ferstjoerde stikken foar dizze gearkomste.

4. Jierferslach 2023/2024 fan de skriuwer

Ynhâldlik: it jierferslach fan de skriuwer stiet op side 13 o/m 15 fan de Kritekoer fan septimber 2023. By it punt 'Aldereinsaken' (side 14) wurdt de tekst wizige:

- Foar de âld-leden fan selskip 'Fryslân'... wurdt: Foar de leden fan it eardere selskip 'Fryslân'...
- Foar de âld-leden fan selskip 'Mei Inoar'.... wurdt: Foar de leden fan it eardere selskip 'Mei Inoar'....



Nei oanlieding fan it ferslach: yn de earste alinea ('De krite en it Boun om utens') wurdt neamd '...it ûnbidige belang fan it Boun foar ...' De fraach wurdt steld, of dit oer it ferline giet of oer de takomst? Antwurd: Dit is foaral foar de betsjutting fan it Boun yn it ferline.

Piet Bloemsma freget of it ferstjerren fan Hâns Dijk, âld-foarsitter fan it Boun, hjir neamd wurde moatten hie. Pietie seit dat it net neamd is omdat it ferstjerren yn de nije ferslachperioade falt.

Fierder wurdt it ferslach goedkard. De skriuwer wurdt betanke.

5a. Jierrekken fan de ponghâlder, tiidrek 1 maaie 2023 o/m 30 april 2024

It finansjele oersjoch wurdt útrikt. Gerrita Otten, twadde ponghâlder, jout taljochting.

- It blauwe diel is de jierrekken fan 2023-2024.
- Oan stipe is ûntfongen € 677,-. Stipe fan de leden wurdt, konform it eardere beslút fan de ALG, net yn de begrutting opnaam. It is in moai bedrach. Hjirtroch kinne wy it kritejier wat geunstiger ôfslute.
- De oare grutte tafaller by de ynkomen is de post Gearkomsten. Der wiene mear leden oanwêzich dan ferwachte, der wiene ynkomen troch in ferlotting en troch de ferkeap fan bakkersguod. Hjirtroch slute wy it jier ôf mei in tekoart fan € 766,84. Dit tarre wy yn op ús fermogen.
- De bankkosten fan € 261,-. Foar alle boekingen moat betelle wurde. It bestjoer hat sjoen nei oare banken, mar dat smyt gjin foardielen op. Wy besparje op de bankkosten troch mear mei kontanten te wurkjen. Dêrom is ek frege om de ynlis foar dizze middei kontant te beteljen. Mei mear jild yn kas moatte wy wol sekuer mei it kasjild omgean en der goed op passe.

5b. Ferslach fan de rekkenopnimmers

De kaskontrôle is útfierd troch Nieske Schurer en Siebren Miedema. Se ha de rekken yn oarder ferklearre en stelle út de ponghâlder en it bestjoer foar it ôfrûne kritejier te desjarzjearjen. De gearkomste applaudisearret. De foarsitter betanket de rekkenopnimmers foar harren wurk.



5c. Beneamen fan nije rekkenopnimmers

Siebrën Miedema bliuwt noch in jier yn de kommisje. Piet Bloemsma stelt him beskikber. Ida Knobbe is beskikber as reserve.

6. Seizoen 2024/2025

a. Fêststellen fan de begrutting 2024/2025

De twadde ponghâlder jout in taljochting op de begrutting foar it nije kritejier (it giele part op it oersjoch):

- De kosten fan de Kritekoer (printsjen, porto) foar ien lid (of ien echtpear) binne foar ien kritejier teminsten € 15,30. Dêrom is it útstel fan it bestjoer om de kontribúsje te ferheegjen nei € 15,-. Ommers, foar de leden dy't net mear op de gearkomsten komme, makket de krite noch wol kosten fan sa'n € 15,--.
- De Kritekoerkosten binne begrutte op € 1.240,-. Jan Roelants freget wêrom dat bedrach safolle heger is as ferline jier. Dat komt troch de ekstra lustrum-Kritekoer fan maaie 2024. Dy drukt op de begrutting fan 2024-2025. Postsegels binne djoerder wurden; it grutste part fan it bedrach (± € 860,-) bestiet út portokosten.
- It bedrach foar de gearkomsten is begrutte op € 3.380,-. Dit bedrach is ynklusyf in mooglike AG fan it Boun om Utens, de lanlike Friezedei, by de krite Utert-Seist. Wy sykje nei in gesikte seal en freegje offertes op. As it trochgiet, wol dat net sizze dat it finansjeel ûngeunstiger wurdt, omdat it Boun meibetellet oan sealhier en optreden toaniel of kabaret. As wy gastkrite binne is de datum 29 maart 2025, oars is de lêste kritegearkomste op 22 maart 2025. It doel is, dat wy dit yn oktober 2024 beslute.
- De begrutting slút mei in negatyf resultaat fan € 1.596,50. Dit tekoart kin (in stik) lytser wurde troch de ekstra stipe fan de leden.

Der is in fraach: "Wy tarre yn. Hat it bestjoer al ris neitocht hoe it fierder moat?" It bestjoer is har hjir wis bewust fan. Wy binne al weromgong fan twa grutte (djoere) gearkomsten nei ien per kritejier.



Dit kritejier wurdt de leden ek foar alle gearkomsten in lytse of gruttere ynlis frege. Wy moatte op de folgjende ledegearkomste it mearjierreplan fan de krite oan de oarder stelle.

As de kontribúsje heger wurdt, is it de fraach of de frijwillige stipe fan de leden like heech bliuwe sil. Yn de jierbrief fan de ponghâlder sil in oprop dien wurde om de frijwillige bydrage minimaal itselde bliuwe te litten, mei in ferwizing nei it tekoart fan it rinnende kritejier.

De gearkomste giet akkoart mei de begrutting en de kontribúsje fan € 15,-- yn it jier.

Harke en Gerrita wurde betanke foar it finansjeel oersjoch.

b. Fêststellen fan it programma fan it kommende jier

It programma foar it nije kritejier stiet op side 2 fan de Kritekoer fan septimber 2024. Der binne gjin fragen.

c. Fêststellen fan de ynlis foar it kommende jier

Dit punt hat al oan de oarder west by punt 6a.

7. Bestjoersferkiezing

Oan bar fan ôfgean binne Jan Piet Bergmans en Trieneke Vos. Pietie Westdijk seit dat har gjin (tsjin-)kandidaten by har opjûn hawwe. De ôfgeande bestjoersleden binne op 'e nij beskikber. De gearkomste giet mei hantsjeklap akkoart mei harren werferkiezing.

Lykwols, it bestjoer soe in ekstra bestjoerslid op priis stelle.

8. Omfreegjen en sluten

Omfreegjen

- Piet Bloemsma: Jan Piet sit al lang yn it bestjoer. Is der hast in jubileum?
→ Jan Piet is yn 1992 skriuwer wurden. Hy folge Hessel Riemersma op.
Der is oandacht bestege doe't hy 25 jier skriuwer wie.
- Geke Tukker: yn de Kritekoer sieten earst 2 'nieten'; no sit der noch ien yn. It blykt dat ien genôch is.



- Hr. Visser meldet, dat syn frou sûnt ôfrûne moandei yn in ferpleechhûs yn Maarssen wennet. Pietie freget om har de hertlike groetnis fan de ALG oer te bringen.
- Siebren Miedema: takom jier graach in datum foar de ledegearkomste dy't net tagelyk is mei 'Open Monumentendag' (twadde sneon yn septimber); it bestjoer seit dit ta.
- It bestjoer wurdt betanke foar har wurk. Der wurdt applaudisearre.

Sluten

De foarsitter slút de gearkomste om 16:05 oere.

Oanslutend wurdt der noch in lyts lustrumprogramma ôfwurke. Hjernei hawwe wy noflik mei-elkoar brea-iten.



Jierferslach fan it SELSKIP MEI INOAR IEN oer it tiidrek

1 maaie 2024 – 11 juny 2025

De krite en it Boun om Utens

Us krite is oansletten by Frysk Boun om Utens, sûnt maart 2023 mei it Boun it predikaat Keninklik fiere mei. Dat is fansels in moaie wurdearring, mar de kriteren en it Boun sitte yn swier waar: der binne no noch acht kriteren oansletten by it Boun. Dat betsjut dat ek it Boun har bûcht oer harren takomst.

Twa âld-foarsitters fan it Boun binne ferstoarn: Hâns Dijk op 26 juny 2024 en Stoffel Haagsma op 17 july 2025.



Fan it bestjoer

It bestjoer hat acht kear oerlis hân: op 2 july 2024, 26 augustus 2024, 30 septimber 2024, 18 novimber 2023, 17 desimber 2024, 13 jannewaris 2025, 17 febrewaris 2025 en 3 maart 2025.

It Frysk Boun om Utens organisearret alle jierren de Algemeine Gearkomste en Moetings- en ynspiraasjemiddei. Fan 't jier wiene wy gastkrite. Dizze gearkomste wie op 29 maart 2025 yn 't Veerhuis yn Nieuwegein.

Fan de leden

Op 1 maaie 2024 wiene der 93 leden (ynklusyf 2 eareleden) en op 1 maaie 2024 binne der 89 leden (ynklusyf 2 eareleden).

Aldereinsaken

De âldereinsaken foar de eardere leden fan selskip 'Fryslân' is mei yngong fan maaie 2021 oernaam troch Pietie Westdijk. Foar de eardere leden fan selskip 'Mei Inoar' krije de âldere leden oandacht fan bestjoerslid Trieneke Vos. Mei en boppe de 75 jier krije de leden alle jierren op harren jierdei in kaart en om de 5 jier (in kroanjier) in kadobon (foar in blomke of wat oars). De 'statistieken': der binne 48 kaarten en 15 kaarten mei kadobon foar in kroanjier ferstjoerd. Der binne fan 't jier 4 besites ôflein.

Fan de jûnen/middeis

Op 14 septimber 2024 is de ledegearkomste yn kombinaasje mei de lustrumfiering holden (21 persoanen). Op 19 oktober 2024 wie der in middei mei muzyk, fersoarge troch Nanne & Ankie (25 minsken). Op 14 desimber 2024 hawwe in 'desimbermiddei' hân (19 minsken en Omrop Fryslân).

De nijjiersbesite wie op 11 jannewaris 2025 (26 minsken).

Op 29 maart 2025 wiene wy de gastkrite foar de Algemeine Gearkomste fan it Boun om Utens. Deselde middeis hawwe wy de lêste kritegearkomste fan dit winterskoft organisearre mei it kabaretprogramma fan 'Klún en Knoffelhakke' (44 minsken).



De bestjoersgearstalling

It bestjoer bestiet út 5 persoanen. De funksjes wiene sa ferdielt:

Foarsitter:	Pietie Westdijk	ôfgeand yn 2025
Skriuwer:	Jan Piet Bergmans	ôfgeand yn 2026
2e skriuwer:	Gerrita Otten	ôfgeand yn 2025
Ponghâlder:	Harke Hofman	ôfgeand yn 2025
Bestjoerslid:	Trieneke Vos	ôfgeand yn 2026

Fan de Kritekoer


Meastentiids telt de Kritekoer sa'n 12 oant 16 siden A5. Jan Piet Bergmans docht it redaksjewurk. Sybren Westra is korrektor. De opmaak en it printsjen fan de Kritekoer wurdt dien troch Gerrita Otten. De ferskinings-data wurde bepaald troch de data fan ús krite-aktiviteiten.

De Kritekoer is yn dizze ferslachperioade 5 kear útkaam: yn septimber 2024, oktober 2024, desimber 2024, febrewaris 2025 en maart 2025. It ferstjoeren fan de Kritekoer wurdt fersoarge troch Harke Hofman en Pietie Westdijk.

Oare aktiviteiten

- De ledemutaasjes komme faak binnen by de ponghâlder fan de krite. Dizze wurde trochjûn oan de oare bestjoersleden. Foar de âldereinsaken wurdt in list fan de 75-plussers makke foar Pietie Westdijk en Trieneke Vos.
- Op de measte kritejûnen binne healsliten en sawat nije Fryske boeken te keap. De ferkeap wurdt dien troch Jan Piet Bergmans.

De skriuwer, Jan Piet Bergmans





Klún en Knoffelhakke op 29 maart 2025

It programma fan de twa manlju wurdt wol oantsjut as ‘typkeskabaret’. Typkes en frjemde foarfallen waarden nei foaren brocht en ôfwiksele mei goed songen ferskes. Se grave net sa djip; se ha mar ien doel: de minsken oan it laitsjen bringe. Neffens my is dat goed slagge! Hjirûnder stean wat foto’s fan in gesellige en fleurig middei.

Jan Piet





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach in mail nei de skriuwer,
ferstjoere nei it krite-postadres
of ynleverje op in gearkomste.

Slutingsdatum kopij:

woansdei 8 oktober 2025

